

Achte Stipers en net-Stipers,

As wij Jo hjirbij lestichfalle mei in struibriif, dan is dat omdat wij oannimme dat it doarp Grou in plakje ynnimt yn Jou hart. It docht der dêrbij net sa folle ta, oft dat it Grou is fan nou of út earder tiden - of beide. Wij miene dat yn in tiid as uzes, dêr't alles oeralskuord en yn greatere, faek neat-sizzende forbannen bihelle wurdt, dy bân dy't ús as minsken fan itselde doarp bynt, de muoite fan it oanhâlden en forstevigjen wurdich is. Net omdat Grousters better wêze soenen as oare Friezen. Hwat foar ús jildt, jildt like goed foar oare doarpen. Sa net, wij wite dat Grou foar eigen en frjemd in trekpleister is, dat it in nijsgjirrige skiednis het en gâns ljouwe oplevere dy't hwat to bitsjuten hawn hawwe, soms fier bûten de grinzen fan it eigen gea. Gjin plak yn Fryslân het bg. navenant sa folle skriu(st)ers fuortbrocht as it plak fan de Halbertsma's.

Us Stifting het as doel it warjen fan it doarpseigene en it bistevigjen fan de bân tusken de Grousters. Dat kin op follerleije wize: troch bijienkomsten, útstallingen, leargongen, troch it útjaen of stypjen fan publikaesjes, troch yn biskate kwesjes de foarstap to nimmen, troch oare stiftingen, ynstânsjes, forieningen of partikulieren rie to jaen. In koart oersjoch oer ús wurk giet hjirbij. Fierders het ús stifting in argyf om alles fan wearde foar Grou yn to biwarjen.

Wij binne net in eksklusyf selskip. Elkenien dy't hart het foar Grou, is wolkom yn ús rigen en kin oanslach krije, hwant der is mear wurk to dwaen as wij neikomme kinne. De minimumbijdrage dy't wij freegje fan ús stipers, is it neamen amper wurdich: foar fiif goune jiers steane Jo bij ús as sadanich to boek. As Jo noch gjin stiper wienen, dan hawwe Jo dat grif oer foar sa'n doel, foar sa'n doarp. Stjûr dan hjoed noch it strypke op side fjouwer ynfolle werom nei de Skathâlder f. d. Stifting Grou, Koarte Miente 7, Akkrum (giro: 1252971), mei Jou eigen namme as Jo gjin stiper binne, en oars mei ien fan Jou sibben of kunden dy't Jo as lid woun hawwe. It giet om hwat dat mòi fan Jou is!

mei Grouster groetenis,

Liuwe Brolsma (Grou) - Mart Bruinsma (Grou) - Feike Dokter (Ljouwert) - Anne Gaastra-Kramer (Grou) - Teake Hoekema (Súdhorn) - Sierd Westra (Ljouwert) Tjitte de Wrede (Akkrum)

Wurksumheden 1964-1974

Op 31 oktober 1964 rjochte in rounte fan aensichtesamlers in Stifting Grou op, dy't op oanstean fan Ljouwerter Grousters har wurkfjild ringen útwreidet en mei in nij karbriif yn 1965 yn it sentrael stiftingsregister ynskreaun wurde kin. Dat earste jiers wurdt bigongen mei in enkête ûnder Grousters dy't har hwat mear as sljochtwei fortsjinstlik makke hawwe. As regel docht de Stifting har dingen allinnich, mar soms ek yn 'e mande mei oaren, sa bg. mei de Krite Grou of mei it Nut; mei de lêste foriening waard yn bigjin 1966 in joun forsoarge mei de earste Fryske spylfilm, Kar út twa, dy't foar in part spilet op 'e merke en op 'e pleats doe biwenne fan Hedzer Castelein. Yn 1967 wurdt meiwurking jown oan it jubileum fan SSS. 'Fêste nûmers' wurde it forsoargjen fan in fotoútstalling yn de Aldheitkeamer, it meiwurkjen oan it Sint Piter feest en oan de joun foar ynkommelingen. Foar hwa't mear oer har femylje wite woenen, wie der in útstapke nei it Ryksargyf, in lytse groep (o.l.f. dokter S. A. Schoustra) houd him dwaende mei de wetternammen om Grou hinne. In inkeld kear koe jildlike stipe jown wurde, sa bg. oan de restauraesje fan it âldste skilderij mei Grou derop (fan Eade Lútsens). Tige forneamd waard wol de troch de Stifting ynstelde monumintekommissje (H. v. d. Veer-Ferwerda, mr. G.R. Nubé, mr. A.H. Prins, dokter S.A. Schoustra), dy't yn in tiid dat it der mei it bihâld fan it uterlik fan Grou faei foarstie, keardelswurk dien het en him letter ûntjoech ta selsstannigens, ta de Monumintestifting Idaerderadeel.

Underskate minsken binne op ús jounen nei foaren kommen, elk op it terrein dat syn/har niget hie. Wij neame se hjir op neffens it abie: Lou Atema oer de hurdriders en -rydsters fan Grou; de fem. De Boer-Molenaar mei âlde grammefoanplaten fan it duo Krips en Molenaar; G. B. Bouma mei in prachtfilm oer de skûtsjes; Liuwe Brolsma oer Joast Halbertsma en Hjerre Gerrits v.d. Veen; Nanne Brolsma mei dia's; perf.dr. W.J. Buma oer Rixt; Freark Dam oer de literaire kanten fan de Grousters; Jeltsje Das mei foardrachten; Feike Dokter mei films út it bigjin fan de 20-er jierren; G. Elzinga oer de foarskiednis fan Fryslân; Ketrinus Hoekema oer alle fasetten fan it mesyklibben to Grou yn syn jonge jierren; Teake Hoekema oer it Groustersk, de Grouster skriu(st)ers, sizwizen en sprekwirden, de Grouster Gilden; dir. B. de Jong mei syn mesykskoalle; Sytse Jonker oer syn bernetiid; Hâns S. de Jong oer Jong Frisia; Durk van der Mei mei dia's; Wiger Nieuwenhuis mei eigen wurk; mr. G. R. Nubé oer (Grouster)

klokken en klokmakkers; J.J. Okkema mei in natuerfilm; Meinte Oosterhout mei dia's fan âlde gravueres ensfh.; Wibe Peekema oer de merke en it âlde skipperslibben; mr. J. Rinzema oer it Ryksargyf; Oepke Santema oer de skiednis fan de Grouster lânsdouwe, tsjerke, skoalle, bifolking, sylsport en mei dia's; dokter S. A. Schoustra oer de Grouster dokters, de Grouster omkriten, teffens as lieder fan in learsum histoarysk útstapke nei't sté fan it âlde kleaster Ealsum by Jirnsum; Roel Slofstra mei gitaer en sang; Herman van Slooten mei Grouster memoarys en oer de Fryske skûtmakkerij; Regnerus Steensma oer it Grouster tsjerkegebou; Harmen Veenstra mei pianomesyk; Sybren van der Vlugt as kommentator by dia's en as man dy't ús it Grou fan 1900, 1908, 1922, 1927 en 1932 foar eagen tsjoent; Rink van der Velde mei eigen wurk; Piter L. de Vrieze oer de bouskiednis fan Grou; Sierd Westra oer it spoar to Grou; Tjitte de Wrede mei ôfbyldingen fan Grou; Ybe van Zandbergen mei eigen filmwurk.

US ARGYF. - In apart plak yn ús argyf nimt de greate samling foto's en negativen yn, dy't ús skonken waard troch de Erven A.J. van Stralen. Fierders ûntfongen wy oer de forroune jierren jeften (aensichten, biskriuwingen, dichtwurk, foto's, kaerten, knipsels, kranten, ljochtbylden, programmes, tekeningen ensfh.) fan J. Adema, Erven A. Bergstra, J. Berkenpas, K. Bloemsma, H.Sj. Boonstra, P. van den Bosch, R. Brouwer, A. Bruinsma, Ts. Bruinsma, Gj. Chossen, F. Dam, jf. H.A. van Dorssen, P. Feenstra, Tsj. Feenstra, jf. A. Gaastra, H. van der Goot, C. de Haan-Santema, Ts. Hellinga, H. Hendriks, C.P. Hoekema, T. Hoekema, K. Hondema, T. Hondema-Brandsma, Y. Jansen-Bosma, A.B. de Jong, H. de Jong, S. Jonker, S. Keidel-van der Goot, P. Kleinhuis, F. Ladenius-Bylsma, H. Leekstra, S. Leen, H. van der Mei, D. Miedema, G.J. Okkema, jf. C. van der Floeg, H. Postma-Leistra, J. Riemersma-Bokma, T. de Ruitervan Slooten, T. Schilstra-Zwart, S.A. Schoustra, H. Schuurmans, Sj. Stelwagen-Bouma, fam. Tacoma, K.J. Terpstra, Kl. Tienstra, R. de Visser-de Vries, S. van der Vlugt, P.L. de Vrieze, jf. H. Wester, S. Westra, Erven C. Wielsma, Sw. van der Woude, jfrs. G en H. Zuidema.

STIPERS: A.Achenbach, D.Atema, L.Atema, L.D.Atema, S.Bangma, H. Boessenkool-Hoekema, J.Boneschansker, G.Boorsma, G.vd Bosch, F. vd Bosch, A.Bouma-de Jong, L.Brandtsma, L.Brolsma, J.Brouwer, A.Bruinsma, jf.M.Bruinsma, F.Dam, P.Deelstra, F.Dokter Jr, F.Dokter Sr, jf.H.v.Dorssen, W.Faber, T.Feenstra, H.Fopma, A.Gaastra-Kramer, J.de Grouw, S.Haites, H.Halbertsma, S.Heidsma, C.Hoekema, T.Hoekema, F.Hoekstra, jf.C.Hofstra, P.Hofstra, jf.T.Hofstra, G.Hylkema, H.de Jong, J.Jonker, S.Jonker, T.Kalma, G.v.Kalsbeek, W. van Kalsbeek, A.Kerkhof-Meintema, H.Keuning, H. Kleefstra, A.Krikken-Kalsbeek, J.Kuperus, J.Leistra, D.vd Mei, H.vd Mei, O.Mulder, W.Nieuwenhuis, L.Oosterhout-Brouwer, W.Oosterhout-de Jong, B.Oosterhout-Robyns, A.H.Prins, jf.J.Radsma, J.Riemersma-Bokma, S.Schoustra, L.Schuurmans, O.Schuurmans, M.Siebenga, K.Sjollema, T.Smit-Lootsma, B.Stellingwerf, jf.G.Stellingwerf, B. Stobbe, J.v.Stralen, jf.S.v.Stralen, G.Sytsma-Schuitmaker, K.Terpstra, W.v.Terwisga, H.Uilkema, J.vd Veen-Palstra, H.Veenstra, W.Vellinga, J.Vergonet, T.Visser, G.Vledder, K.vd Vlugt, S.v.d. Vlugt, A.Vollema, B.de Vries, G.J de Vries, G.R de Vries, J. de Vries-Dokter, J.de Wal, jf.A.Wester, S.Wester, K.Westra, S.Westra, S.Westra-Winselaar, S.Weaver-Buisman, D.Wiersma, T. de Wrede, Y.v.Zandbergen.

Ut it karbriif:

Kêst 3: De Stifting hat ta doel om it eigene fan it doarp ende bân tusken de Grousters to warjen en to stypjen.

Kêst 4: De Stifting stribbet har doel nei troch:

- a. it hâlden fan gearkomsten en útstallingen;
- b. it sammeljen fan alles hwat foar de skiednis fan Grou en/of syn biwenners fan wearde is en net op in oare wize foar de takomst feilige is;
- c. it yn it ljocht jaen of stypjen fan publikaesjes dy't strike mei it doel fan de Stifting; - en (it doel
- d. op alle wizen dy't bij de wet tastien binne en strike mei

hjr knippe/stjûre nei Skath.Stifting Grou,KoarteMiente7 Akkrum

Namme:

Adres:

jowt him/har hjirbij op as stiper fan de Stifting Grou foar f.. jiers, dy't er oermeitsje sil op 'e Stiftingsgiro.

Datum:

Hantekening: